

Sjueryrapport foar de Simke Kloostermanpriis 2019

Datum: 17 maaie 2019 om 15 oere

Plak: NH-tsjerke, Twizel

Sjuery: Sytske Eringa, Geart Tigchelaar en Gerbrich van der Meer (sjuaryfoarsitter)

Winner: *Tomkes foarlêsfest* fan Auck Peanstra, Riemkje Pitstra en Luuk Klazenga

Achte oanwêzigen,

Dat byld ferjit ik nooit mear. Sigrid Kingma dy't mei in gigantyske doaze fol boeken foar de doar stie. 'Binne it der sa'n soad?' skeat it troch my hinne. 'O ja,' sei Sigrid, doe't se fuortgong. 'Dit is noch net alles, der komme noch wat boeken nei...'

Efkes letter siet ik op in stoel dy gigantyske bulte boeken yn my op te nimmen. Dát hie Gerben Gerbrandy net sein doe't er belle mei de fraach sit te nimmen yn de sjuery fan de Simke Kloostermanpriis. Mar ja, wa't a seit, moat ek b sizze. Healwei jannewaris fan dit jier kamen Geart Tigchelaar, Sytske Eringa en ik foar it earst as sjuery by elkoar. Wy wiene útnûge yn 'e Obe Postmaseal fan Tresoar troch Piter Buruma en Sigrid Kingma fan it Simke Kloostermanlien en Lysbert Bonnema fan Tresoar. In hearlik stik oranjekoeke stie foar ús klear. Fansels kaam Simke Kloosterman op it aljemint, de frou en literator nei wa't dizze priis neamd is. Op in stuit krigen wy in list taskikt mei alle berneboeken dy't yn 'e ôfrûne trije jier útjûn wiene. 41 boeken stiene der op. 12 boeken út 2016, 16 út 2017 en 13 út 2018. Allegear oarspronklik wurk. Sa'n grut oantal yn trije jier, dat is dochs hiel bysûnder foar sa'n lyts

taalgebiet. Hulde foar al dy skriuwers dy't it oandoarden en skriuwer in Frysk boek.

Nei't we de gong fan saken bepraten hiene, fitere Piter ús skruten oan om healwei maart de nominaasjes oan te leverjen. Healwei maart! We hiene dus amper twa moanne tiid om alles te lêzen. Geart, Sytske en ik besleaten gas te setten. Oer fjirtjin dagen alle boeken fan 2016 út en se dan stik foar stik besprekke, sa praten we ôf. Twa moannen letter en trije gearkomsten fierder, koene we dat lêsunderdiel ôfslute. We koene gear oer de nominaasjes.

As jo op syk binne nei it priiswinnende boek, dan sjogge jo ekstra kritysk. Tajûn, it wie ryp en grien troch elkoar. Tusken de 41 boeken sieten echt prachtige, nijsgjirrige en orizjinele boeken. Tagelyk wiene der útjeften dêr't hiel wat op oan te merken wie.

Op styl, op ynhâld, op foarmjouwing, op yllustraasjes. Ek stroffelen we geregeld oer taalflaters. Mannich kear seine wy tsjin elkoar: Wat skande dat hjir gjin goede redakteur en korrektor oer gear west hawwe. De skriuwer en it boek wiene dan echt mear rjocht dien.

Uteinlik bleaune der sân boeken oer. Dy hawwe we neist elkoar lein. Fiif boeken rôpen om in nominaasje. Dêr hawwe wy nei harke.

Grutsk binne wy. Hiel grutsk op ús seis skriuwers dy't fiif bysûndere boeken delset hawwe. Op Lida Dykstra, Eppie Dam, Auck Peanstra en Riemkje Pitstra, op Mirjam van Houten en Koos Tiemersma. Fiif boeken, sa ferskillend fan aard, tagelyk kwalitatyf fan in prachtich nivo.

En dan hawwe wy it noch net iens hân oer dy faak sokke bysûndere yllustraasjes. Hoe is it mooglik dat wy yn Fryslân gjin priis foar Fryske yllustratoaren hawwe? Yllustratoaren fan hjoed-de-dei wurkje net tsjinstferlienend, mar jouwe in eigen reaksje op de tekst. Tekst en byld folje elkoar oan. Yn guon boeken binne tekst en byld sá mei elkoar ferweve dat skriuwer en yllustrator net mear útelkoar te heljen binne foar in nominaasje of foar in priis.

Kenne jimme IBBY, oftewol, de International Board on Books for Young People? Dy ynternasjonale berneboekeorganisaasje kent prizen ta oan skriuwers én oan yllustratoaren. Us tinkt, en dan sjoch ik efkes nei de reginten fan it Lien, in útwreiding fan de Simke Kloostermanpriis nei in twaliddige priis, soe Simke fêst goed fine.

Op nei de nominearre boeken.

Djip ûnder de yndruk wie de sjuery fan it boek *De Weddenskip*, dêr't Lida Dykstra yn trije fernimstich komponearre ferhaallagen de lêzer op boartlike wize ynwijd yn de Edda. Dykstra docht nearne konsessys. It hiele boek azemet soarch en krektens út. De Edda is gjin maklike mearje. Mar in ferklearjende wurdlist achteryn biedt hâld om grip te krijen op al dy begripen út de Noarske mytology. Is *De Weddenskip* yn it begjin in kwestje fan de kop derby, ienkear thús mei begripen as Mjöllnir, de striidhammer fan Thor, Gungnir, de spear fan Odin, Draupnir, de magyske earmring fan Odin en Skidblandnir, it skip fan Freyr, komt de lêzer yn 'e kunde mei in magyske wrâld dy't ús Germaanske foarâlden ticht op 'e hûd sitten hat. Dykstra jout it boek in Fryske slinger troch de Fryske bline bard Bernlef in earerol yn ien fan de fertellagen te jaan. Ek komt de Fryske skiednis

boartlik foarby yn bygelyks in útrop fan Skirnir: ‘Leaver dea as lef’ (s. 79), of it stuit dat reuzekening Thrym besiket te trouwen mei Thor, dy’t ferklaaid is as de fruchtberheidsgoadinne Freya (s. 27). Ik lês it stikje foar:

‘Nei syn betsjinner rôp Thrym: gjin tiid te ferliezen, wy wije ús houlik daalk yn. Helje de hammer Mjöllnir en lis him op ’e skoat fan myn formidabele breid. Wy sille hillige wurden sprekke dy’t jilde salang’t de wyn fan de wolken waait, it gers groeit, de beam bloeit, de sinne moarns opgiet en alle njoggen wrâlden besteane.’

De Weddenskip is in prachtich foarbyld hoe’t tekst en byld elkoar fersterkje. Mei allinnich mar de kleuren swart, wyt, read en goud, kreëarret Nina Peckelsen in magyske wrâld dêr’t de lêzer net oars as yn ferdrinke kin. Dat binne bylden dy’t ek op it ynternasjonale fjild net misstean soene.

De dichtbondel *Tsjilp* fan skriuwer en dichter Eppie Dam mei lino’s fan Lienke Boot is tige soarchfâldich komponearre. Fiifentweintich fûgelgedichten foar grutte en lytse protters, stiet der by. Dam leveret gedichten fan in hege kwaliteit yn in prachtige ienheid mei it byldzjend wurk fan Boot. De lêzer kriget op boartlike, soms filosofyske wize in protte ynformaasje oer de fûgels tabedield. Sa giet it oer it burdmantsje-mantsje en it burdmantsje-wyfke, de earrebarre, de gierswel, de spjocht en gean sa mar troch. Dêr’t de sjuery benammen hiel bliid fan waard, wiene de kostlike plotsjes oer dizze dierkes. Poergeskikt materiaal fansels ek foar dielnimmers oan it jierlikse FerRstival. Ik wol jimme it fers oer de *Turkse toartel* net ûnthâlde (s. 53):

*Toartelmantsje, dartel mantsje,
bekjebiddelt om in tút
yn it griene ledikantsje
mei de himel op it rú.*

*Troetelwyfke, mûtel wyfke,
krûpekopket tsjin him oan,
fielt it klopjen fan har lyfke
al de hiele maitiidsmoarn.*

*Toartelfeint en toartelfamke
troetelboartsje like frij,
koere út en troch in namke,
en it iten bliuwt derbij.*

Bliid is de sjuery mei nijkommer Mirjam van Houten. Wat in oanwinst foar de Fryske berneliteratuer. Net allinnich as skriuwer, ek as yllustrator. Binne *Tsjilp* en *De Weddenskip* miskien yn earste ynstânsje in boek foar hollebern, *Tije* is in boek dat ek troch bern wurdearre wurde sil dy't wat minder mei lêzen hawwe. Van Houten skriuwt oarspronklik, linich en helder. De jonge lêzer kin maklik oanheakje troch de koarte sinnen. Dochs giet dat net op kosten fan de ynhâld. It ferhaal hat in filosofyske ynslach. Tije is in tinkerke en fynt in maat yn Tsead, dy't op in wenboat wennet. De man dy't in rô't as fêst selskip hat, is altyd like fleurich. Miskien wolris wat té. Dêrmei wurdt Tsead ek wat in tragyske figuer. It is him yn it libben by de hannen om't ôfbrutsen, fernimt de lêzer, en dan moat er ek noch syn analfabetisme maskearje. Dat er it net

altyd like maklik hat, kriget yn it boek lykwols net de oerhân. De lichtfuottichheid spat der by Tsead ôf:

‘De sinne! Is it net fantastysk!’ jubelt de rotteman. ‘Gratis en voor niks! Joeperdepoepsy!’ De rotteman is opsprongen en stiet no sa’n bytsje te dûnsjen. Hy slacht de plysje op it skouder: ‘Hahaaa!’ De blommen yn ’e beammen, hast dy al sjoen? Dy knalle ut ’e knoppen! Fammen yn fleurige jurken, fûgels dy’t fluitsje! Wat wolst no noch mear!? Hiperdepypsakee! Dat geprottel altyd! Kom der dochs noflik by sitten, kammeraat! Ik sil in eintsje opskikke. Wachtsje mar, krijst in stikje appel fan my en dan is it aansen in hiele oare wrâld, silst it sjen...’

En dan it boek *Heech Tymo, sjoch omheech* fan Koos Tiemersma. Tymo syn heit is as militêr yn ’e oarloch yn Afganistan omkommen. Dat syn mem mei Ferdy in nije freon hat, is Tymo min nei ’t sin. En dat der dan ek noch in Afgaanske húshâlding krekt neist harren hûs pleatst wurdt, noch minder. Tajûn, yn dy kontekst koe de sjuery net in soad mei de Fine en Folle frou en harren rol yn it boek, mar hawar, dat mocht mei it each op de rest hinnebrûie. Want wat kaam der in prachtich ferhaal foar it ljocht. Wat in koartswyl, wat in wille. Oan alles murken we dat de skriuwer him ta de teannen út fermakke hat by it skriuwen. Lykas it stuit dat Tymo in spjelde set yn it búkje fan in sliepende Ferdy:

Foarsichtich set ik de spjelde op ’e hûd, deun njonken in streekje hier. Ik druk, earst sacht, dan fûler. It giet hielendal net maklik, ik moat triuwe. En dêr floept it puntsje der al yn.

Ferbaasd sjoch ik hoe't it samar ferdwynt. En ynienen barre der in hiel soad dingen tagelyk.

- *Want Ferdy wurdt wekker*
- *Earst sjocht er my oan*
- *Oan syn mûle ûntkomt in 'húh?'*
- *No folget er myn ûndogense earm om út te kommen by myn hân*
- *Hastich lit ik los*

Mar it is al te let.

'Ah!' (ik)

'Aah?'" (Ferdy)

'Aaah!!' (mem)

'WAAAH!!!' (wy allegearre)

Dy wille wurket oansteklik. De tematyk is fansels alhiel net lichtfuottich, mar Tiemersma wit it sa te bringen dat it tichteby de bern stiet sûnder oerflakkich te wurden.

En dan komme we by de winner: *Tomkes foarlêsfeest*. Us beslút wie unanym, sa die bliken. In beslút ek dat elts op eigen manneboet nommen hie. Ek foar ús wie dat in grutte ferrassing. By de nominaasjes sieten ommers sokke pronkjes. Kinne jo überhaupt wol apels mei parren fergelykje? It mei dúdlik wêze, wy hiene mear skriuwers dizze priis gund. Wat makket *Tomkes foarlêsfeest* dan dochs ta winner?

Yn *Tomkes foarlêsfeest* folgje wy yn 24 ferhalen de aventoeren fan Tomke, syn hûnefreon Romke, de kangeroe Kornelia en it buorfamke Yana Yu. De laitsjende kop fan

‘Tomkemantsje, altyd blier’ yn ‘e yllustraasjes fan Luuk Klazenga oertsjûget. De libbenswille fan dy pjut kinne wy yn ‘e ferhaaltsjes sa goed neifiele. Tomke docht neat leaver as it ûndersykjen fan ‘e wrâld. Syn grutte maat, hûntsje Romke, hobbelet hearlik achter him oan, mar giet ta frustraasje fan Tomke soms syn eigen paad. Buorfamke Yana Yu is Tomke syn grutte boarter. En Kornelia? Kornelia is it grutte rêstpunt foar Tomke en Romke, mar ek foar de lêzer. Wat hawwe wy in bewûndering krigen foar dy geduldige kangeroe mei har grutte fertrouwen.

Tomke, Romke en Yana Yu libje alhiel yn it momint. Mei de begripen oarsaak en gefolch hâldt Tomke him net dwaande. Wat him yn ‘e holle komt, dat docht er. Mar rint it op ‘e kop ferkeard, lokkich is dêr dan Kornelia. Sy heint de pjutten op leafdefolle wize op, sûnder oardiel. En wat sa fijn is? Kornelia hat altyd in kreative fynst om ien en oar wer rjocht te lûken. Yn de Tomkeferhaaltsjes is der amper sprake fan kontekst. Wy witte net wêr’t Tomke wennet, wat syn achtergrûn is of hokker berop Kornelia bygelyks hat. Neat fan dat alles. Wy sitte mei Tomke yn it no. Yn de ferhaaltsjes fan Riemkje Pitstra en Auck Peanstra giet it hiel gewoan om minske wêzen, om it ûntdekken fan ‘e wrâld, om foar- en tsjinspoed en hoe dêr mei om te gean. En Tomke? Dy is mear as blier. Ja, Tomke laket, mar hy hat ek triennen, hy is lilck, is fertrietlik, en wy as lêzers werkenne dat. Omdat wy dat ek sa faak binne. Geart hat it ferhaal ‘Mei de bus’ ynlêzen. Op dit stuit makket er mei syn freondinne Ydwine in lange fytstocht yn it ramt fan Cycling out of Poverty. Sa is er der dochs noch in bytsje by:

FERHAALTSJE Mei de bus (foarlêzen troch Geart)

De ferhaaltsjes yn *Tomkes foarlêsfest* azemje in grutte leafde foar ús lytse minskjes dy't noch mar krekt op 'e wrâld omstappe. De ferhalen lykje sa ienfâldich, mar o, wat binne se ferskuorrend knap skreaun. Doch it marris. Yn 250 wurden in ferhaaltsje mei kop en sturt skriuwe. Alles yn tsjinst fan dy koarte spanningsbôge fan pjutten. Oandwaanlike ferhaaltsjes yn ienfâldige taal oer in tema dêr't pjutten har al gau mei ferbine kinne. It binne ferhaaltsjes dêr't se har yn werkenne, dêr't har wrâld grutter yn wurdt, dêr't se yn leare hoe mei-elkoar om te gean, en foaral fiele dat se der wêze meie sa't se binne.

Under de Tomkeferhaaltsjes fielden wy in grutte leafde fan de trije skeppers foar dy jonge doelgroep. In leafde dy't ús as sjuery oanrekke, of sa't Geart it sa moai ferwurde: 'Myn hert giet út nei Tomke.'

Tomkes foarlêsfest is yn al syn ienfâld de grutte winner wurden. Ienfâld. Ienfâld kin sa fanselssprekkend wêze dat jo de krêft en de wearde dêrfan oer de holle sjogge. As sjuery krigen wy de kâns om Tomke mei nije eagen te besjen, de wurdearring te jaan dy't er fertsjinnet en derfan te learen. En dan kom ik ta de lêste stap dy't wy as sjuery setten. Diene wy genôch rjocht oan dit trijemanskip om *Tomkes foarlêsfest* ta winner út te roppen? It Tomke-projekt is ommers al yn 1996 begongen mei Alian Akkermans as grutte oanjeier. Auck Peanstra, Riemkje Pitstra hawwe yn al dy jierren hûnderten ferhaaltsjes skreaun; Luuk Klazenga hat likefolle tekeningen makke oer dit bysûndere fjouwertal. It fielde net goed om mar 24 ferhalen te earjen. En sa dûkten wy yn 'e wrâld fan de âldere Tomke dy't sûnt de iuwwiksel gjin sprút âlder wurden is. Tomke sjogge wy yn de earste útjeften noch as figuerke mei wetterholle en grutte noas.

Geandewei feroaret er lykwols yn it mantsje dat er no is. Hast altyd laitsjend, mei súnreade wangen en in kroltsje op 'e holle. De ferhalen fan langer lyn diene net ûnder foar dy fan *Tomkes foarlêsfest*. Ek doe wie de eigen toan al te merkbiten, yn tekst én yn de heldere, kleurige fleurige yllustraasjes fan Luuk Klazenga. In prachtich foarbyld fan hoe't tekst en tekening mei elkoar ferweve wêze kinne.

Wy meitsje in djippe bûging foar Auck Peanstra dy't dit hjoed ta ús spyt net mear meimeitsje mei, foar Riemkje Pitstra en foar Luuk Klazenga.

Wy kinne en wolle net oars as fan dizze priisedysje in oeuvrepriis meitsje, spesjaal foar dit bysûndere trijetal.

Ta beslút dochs noch ien lytse opmerking oer *Tomkes foarlêsfest*. Trije jier nei útjefte fernuvere ús de yllustraasje by it ferhaal *Sinteklaas giet mei de bus!* Op de tekening steane twa egaalbrune piten mei opsette rôze lippen achter Sinteklaas. Ja, wy hawwe it dêr efkes oer hân. Sa'n tekening lit sjen hoe't tiden en ynsichten feroarje. Tajûn, yn it oare materiaal, letter, seach de sjuery mar net al te folle nei de Sinteklaasprinten.

En no sjoch ik efkes nei de Afûk, útjouwer fan de ferhalebondel. Mei Tomke hawwe jimme goud yn hannen. Ik soe sizze, gean de boer op mei Tomke. Lit oare Europeeske taalminderheden, miskien sels de tradisjonele streektalen yn Nederlân, meigenietsje fan dit prachtige projekt. It mantsje is it wurdich, en syn skeppers ek. En foar de takomst: pak út yn útjeften, gean foar in treflike opmaak en redaksje, pas printen

oan as de tiid dat freget. As dat bart, kin Tomke de hiele wrâld oan.

Sytske en Geart, fêst al yn Dútslân op 'e fyts, tank foar de moaie gearwurking. Wy hiene it goed mei elkoar. En ek tank oan it Simke Kloostermanlien foar it betrouwen yn ús en al jimme krewearjen efter de skermen.

Tank foar jimme oandacht.

Gerbrich van der Meer